



Oan de Rie fan Europa
Sekretariaat fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen
Direktoraat-Generaal IV – Underwiis, Kultuer en Erfskip, Jongerein en Sport
Dhr. Thorsten Afflerbach
F-67075 Straatsboarch Cedex, Frankryk

Oan de Rie fan Europa
Sekretariaat fan it Ramtferdrach fan 'e Rie fan Europa foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden
Mefrou Michele Akip
Direktoraat-Generaal fan Minskerjochten en Juridyske Saken
F-67075 Straatsboarch Cedex, Frankryk

Europeesk Parlemint
Ynterfraksjewurkgroep foar Tradisjonele Minderheden, Nasjonale Mienskippen en Talen
Oan: mefrou Kinga Gal (Europeesk Parlemintslid)
ASP 12E 154
B-1047 Rue Wiertz 60
Brussel, België

Ljouwert, 6 maart 2015

Achte hear Afflerbach, mefrou Akip, en mefrou Gal,

Ik skriuw jo út namme fan it Europeesk Buro foar Lytse Talen (EBLT), de paraplu-organisaasje fan 24 taalorganisaasjes en ynstitúsjes dy't har ynsette foar de minderheidstalen Frysk, Nedersaksysk, Biltsk en Papiamentu yn Nederlân. As fertsjintwurdigers fan dy organisaasjes wolle wy jo omtinken freegje foar de punten fan soarch hjirûnder.

Wy sitte bot yn noed oer de hâlding fan it Nederlânsk regear foar de ymplementaasje oer fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen (ECRML) en it Ramtferdrach fan 'e Rie fan Europa foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden (FCNM) yn Nederlân. We freegje jo stipe om derfoar te soargjen dat it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen en it Ramtferdrach fan 'e Rie fan Europa foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden goed útfierd wurde yn Nederlân. Op 1 maart 2014, mear as in jier lyn, hie Nederlân syn fiifde steatsrapport

oer it útfieren fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen stjoere moatten oan de Rie fan Europa. Wy fine it teloarstellend dat it Nederlânsk regear dy periodike plicht wer net op 'e tiid neikommen is

It lêste steatsrapport fan it Nederlânsk regear oer it útfieren fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen is ferstjoerd op 15 septimber 2011. Foar safier't wy witte binne der tariedingen troffen foar it fiifde rapport, mar blykber is it rapport noch net klear. Der hat in fer-syk west fan it Nederlânsk regear foar tastimming om it fiifde steatsrapport letter yn te leverjen. De yntinsje wie it rapport foar jannewaris 2015 op te stjoeren. No binne wy wer in pear moanne fierder en ús soargen binne grutter wurden. Om dy reden rjochtsje wy ús streekrjocht ta de Rie fan Europa en de beide sekretariaten. In kopy fan dit brief wurdt stjoerd nei de hear Ronald Plasterk, de Nederlânske minister fan Binnenlânske Saken, en ek nei de Nederlânske parlemintêre kommisje foar Binnenlânske Saken.

Yn alle rapporten fan de Rie fan Europa oangeande it útfieren fan sawol it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen as it Ramtferdrach fan 'e Rie fan Europa foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden binne oanbefellingen dien oan it Nederlânsk regear om de situaasje fan sawol de Fryske as de Nedersaksyske taal te ferbetterjen. Yn 'e neikommende paragrafen jouwe wy in tal foarbylden fan de feitlike situaasje en de praktyske ymplikaasjes dêrfan oangeande it Frysk en Nedersaksysk.

Oanbefellingen fan it Komitee fan Ministers fan de Rie fan Europa yn oktober 2012

1. Stel in strukturele dialooch yn mei fertsjintwurdigers fan de sprekkers fan regionale talen of minderheidstalen.

As EBLT kinne wy allinne mar konkludearje dat der noch hieltyd net in strukturele dialooch is tusken it regear en organisaasjes fan sprekkers fan regionale talen en minderheidstalen. Der hat korrespondinsje west mei de minister fan Binnenlânske Saken – meastentiids op ús inisjatyf – mar der is neat dat liket op in *strukturele* dialooch mei heldere doelstellingen en ferantwurdlikheid. Yn 2013 is de posysje fan it Frysk besprutsen yn it Nederlânske parlemint, by in plenêre gearkomste oangeande de nije Fryske taalwet. Spitigernôch bleau it by dy iene kear. Dat betsjut dat der gjin fuortsetting is noch in serieuze evaluaasje op parlemintêr nivo. It seit himsels dat dat lang net foldwaande is om de suksesfolle ymplementaasje fan in nije taalwet te boargjen.

Ferline jier folge it EBLT mei grutte belangstelling en in bytsje ôfgeunstich de konferinsje organisearre troch it Dútsk regear, yn gearwurking mei de Rie fan Europa, oer de minderheidstalen yn Dútslân. Der is in komitee yn de *Bundestag*, dat regelmjittich diskusjearret oer kwestjes oangeande minderheidstalen en der is in buro dat wurket foar de minderheidstalen. It EBLT wol dêrom útstelle om op syn minst ien kear yn 'e twa jier de stân fan saken fan de minderheidstalen en it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen op de agenda fan de parlemintêre kommisje foar Binnenlânske Saken te setten. Miskien dat in oerheids- of parlemintêre harksitting oangeande de stân fan saken fan 'e minderheidstalen it begjin wêze kin fan in fruchtberder folgjende perioade.

2. Fersterkje it ûnderwiis fan en yn it Frysk op alle ûnderwiisnivo's.

Op it mêd fan ûnderwiis is in bytsje progresje makke. It tal trijetalige – Frysk/Nederlânsk/Ingelsk – basisskoallen groeit noch hieltyd, mar de posysje fan it Frysk op oare basisskoallen bliuwt swak. Ien fan 'e belangrykste problemen is it tekoart oan kwalifisearre ûnderwizers.

Yn it fuortset ûnderwiis is de posysje fan it Frysk noch folle swakker. Ferline jier spruts it EBLT ferskillende learlingen yn it fuortset ûnderwiis dy't net de mooglikheid krigen om Frysk te kiezen as eksamenfak. It is frij dúdlik dat op ferskillende skoallen bern ûntmoedige wurde om Frysk as eksamenfak te kiezen. It Frysk hat op in soad skoallen foar fuortset ûnderwiis net in stevige basis as gewoan en ferplichte fak; neffens de wetjouwing moatte alle skoallen foar fuortset ûnderwiis Frysk op syn minst yn 'e earste klasse oanbiede. Neffens de gegevens fan it EBLT en syn leden krijt lykwols mar 50 persint fan alle learlingen yn 'e earste klasse op reguliere basis lessen Frysk. Wy wolle dêroan tafoegje dat der net in publike organisaasje yn Fryslân is dêr't dy learlingen of harren âlden by oanklopje kinne om har te helpen harren lessen Frysk te krijen.

It EBLT is fan betinken dat alle learlingen op alle skoallen yn it fuortset ûnderwiis yn Fryslân de mooglikheid ha moatte om Frysk as eksamenfak te kiezen, as se dat wolle. Alle skoallen soene it Frysk aktyf oanbiede en befoarderje moatte as ien fan de te kiezen fakken. Yn dy gefallen dat it tal learlingen (hiel) lyts is, kinne skoallen besykje klassen te kombinearjen of oare tydlike oplossingen kieze. Wy binne fan miening dat it Nederlânsk regear en de Provinsje Fryslân der noed foar stean moatte dat op alle skoallen foar fuortset ûnderwiis it Frysk op in goed nivo ûnderwiisd wurdt, sa dat har learlingen taret wurde op it eineksamen op har skoalnivo.

Wy wolle hjir oan taheakje dat wy ek guon positive ûntjouwingen sjogge. Beide ROC's (Regionale ûnderwiissintra) yn Fryslân binne begûn it Frysk mear oandacht te jaan as in belangryk fak foar studinten dy't yn 'e sûnenssoarch yn Fryslân wurkje wolle.

3. Jou it ûnderwizen fan it Nedersaksysk de status fan regulier skoalfak en fergrutsje it oanbod fan ûnderwiis yn dy taal.

Nettsjinsteande dy tige dúdlike oanbefelling is de status fan it Nedersaksysk noch net opwurdearre. Der is ek gjin dúdlik belied fan it Nederlânsk regear oangeande it beskermjen en befoarderjen fan de Nedersaksyske taal. Fan 'e kant fan it regear binne gjin stappen set om it oanbod fan ûnderwiis yn dizze taal út te wreidzjen.

Sa't jo witte, stribbet de Nedersaksyske paraplu-organisaasje SONT dernei om it Nedersaksysk opwurdearre te krijen nei diel III fan it Europeesk Hânfêst. Oant no ta wegeret de minister fan Binnenlânske Saken noch it werhelle fersyk fan SONT, hoewol't provinsjale en pleatslike oerheden der folslein efter stean. Juristen en oare spesjalisten hawwe mear as ien kear bewiisd dat it Nedersaksysk al oan 37 fan 'e relevante paragrafen foldocht. Der binne dêrom gjin werklike argumenten tsjin de ymplementaasje fan diel III. It EBLT hâldt fêst oan ymplementaasje, as dat mooglik is mei jo help.

Oare saken

4. De posysje fan Omrop Fryslân

Omrop Fryslân is de iennige publike stjoerder dy't profesjonele radio en telefyzje fersoarget yn 'e Fryske taal. Dat jout Omrop Fryslân in ûnmisbere rol en ferantwurdlikheid as ien fan de belangrykste befoarderers fan 'e Fryske taal. Fanwegen de aktiviteiten fan 'e Omrop yn 'e perioade 2008-2012 hat it Komitee fan Eksperts fêststeld yn oktober 2012 dat oan it earste artikel yn 'e mediaparagraaf oer it útstjoeren yn it Frysk foldien wie. Spitigernôch is de situaasje dêrnei hurd minder wurden. Troch besunigingen wie Omrop Fryslân twongen minsken te ûntslaan en minder telefyzjeprogramma's te meitsjen. Op dit stuit binne alle regionale stjoerders yn ûnderhanneling oer in lanlik reorganisaasjeplan en in fierdere besuniging fan 17 miljoen euro.

Foar Omrop Fryslân betsjut dat nei alle gedachten nije besunigingen foar, sa't rûsd wurdt, 1,3 miljoen euro (10% fan it jierliks budzjet) yn it jier 2017. Boppedat sil Omrop Fryslân syn ûnôfhinklike posysje ferlieze. Steatssekretaris Sander Dekker wol alle regionale stjoerders fusearje litte ta ien lanlike organisaasje mei grutte regionale ôfdielingen. Neffens dat plan moat Omrop Fryslân fusearje mei de buorlju fan RTV Noord (Grinslân) en RTV Drenthe, en sil it net langer in ûnôfhinklike stichting wêze mei in eigen bestjoer en direkteur. Dat soe betsjutte dat de streekrochte Fryske kontrôle oer de iennige stjoerder yn 'e Fryske taal ferdwine soe. Foar Omrop Fryslân betsjut sa'n operaasje wer minder meiwurkers en minder jild om programma's yn 'e Fryske taal te meitsjen.

Oant no ta hat it Nederlânsk regear gjin maatregels nommen om de posysje fan Omrop Fryslân feilich te stellen. Yn 2013 krige de hear Dekker in rapport fan de Kommisje Hoekstra 'Tijdelijke commissie Borging Friese Taal in de Media' oer radio en telefyzje yn 'e Fryske taal mei tige dúdlike oanbefellingen, mar oant no ta is net ien fan dy oanbefellingen útfierd. (De kommisje Hoekstra wie ynsteld troch Dekker syn foargonger yn in earder regear.)

De posysje fan Omrop Fryslân is benammen kwetsber omdat de posysje fan en it ferlet oan Fryske radio en telefyzje nearne fêstlein is noch neamd wurdt yn 'e aktuele Nederlânske Mediawet. De nije Fryske taalwet 'Wet gebruik Friese taal', dy't yn 2014 fan krêft waard, hat in tige beheind berik en regelet allinne it brûken fan it Frysk yn 'e rjochtspraak en it iepenbier bestjoer. It brûken fan it Frysk by de publike radio en telefyzje is nearne wetlik regele. In kreative, duorsume en ûnôfhinklike Omrop Fryslân is foar de takomst fan 'e Fryske taal en kultuer fan net maklik te ûnderskatten belang.

5. De sichtberheid fan it Frysk en twatalige topografyske oantsjuttingen.

De Advyskommisje fan it Ramtferdrach wie wat teloarsteld oer dat se mar sa'n bytsje twatalige oantsjuttingen seagen by har besite oan Fryslân yn 2013. Sy formulearren dêrom de neikommende oanbefelling: *De Advyskommisje docht in berop op de autoriteiten, yn nau oerlis mei de Fryske organisaasjes, mear ynspanning te leverjen om derfoar te soargjen dat de pleatslike oerheden troch de hiele provinsje Fryslân hinne gebrûk meitsje fan de besteande mooglikheid fan twatalige topografyske oantsjuttingen.* Dy oanbefelling is noch jildich en aktueel. Spitigernôch hat it EBLT amper mear ynspanning fan de autoriteiten sjoen om it tal twatalige oantsjuttingen út te wreidzjen. It EBLT riedt dêrom op it stuit syn eigen útstel ta om de sichtberheid fan it Frysk te

ferbetterjen. Sagau't dat klear is, stjoere wy it nei alle relevante organisaasjes, ynklusyf de Rie fan Europa.

Wat wy freegje oan de Rie fan Europa

Wy fersykje jo freonlik de Nederlânske oerheid oan te sprekken op 'e punten dy't wy hjirboppe neamd hawwe. It EBLT docht itselde by de Keamerkommisje foar Binnenlânske Saken, it permant komitee foar Binnenlânske Saken fan it Nederlânsk parlemint. We wolle jo ek freegje de konklúzjes en oanbefellingen fan de Kommisje Hoekstra oangeande de posysje fan it Frysk yn 'e media te stypjen.

It EBLT is bliid dat de nije taalwet 'Wet gebruik Friese taal' fan krêft wurden is yn 2014. Tagelyk binne wy wat teloarsteld oer it útbliuwen fan effekt fan dy wet oant no ta. Der is gjin budzjet frijmakke foar de promoasje, bygelyks in profesjonele taalkampanje, der binne gjin dúdlike doelen formulearre en de Nederlânske steat is noch hieltyd tige ûnwillich om in goed foarbyld te jaan troch de Fryske taal aktyf te brûken yn de kommunikaasje mei de boargers. Boppedat is it berik fan 'e nije wet te beheind. Op dit stuit is it nochal urgint dat de takomst fan Fryske radio- en telefyzjeútstjoeringen fêstlein wurdt yn 'e Nederlânske Mediawet.

We freegje jo stipe om derfoar te soargjen dat it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen en it Ramtferdrach fan 'e Rie fan Europa foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden goed útfierd wurde yn Nederlân. As in net-gûvernemente organisaasje dy't 24 organisaasjes fertsjintwurdiget, is it EBLT ree in aktive rol te spyljen yn it beskermjen, fierder ûntwikkeljen en befoarderjen fan 'e regionale en minderheidstalen fan Nederlân.

Mei heechachting,



Froukje de Jong-Krap, foarsitter fan it Europeesk Buro foar Lytse Talen (EBLT)

Mear ynformaasje en kontaktadres:
Europeesk Buro foar Lytse Talen (EBLT)
Skriuwer Jelske Dijkstra
p/a Fryske Akademy
Postbus 54
8900 AB Ljouwert
Nederlân

T 0031(0)58.2131414

E eblt@fryske-akademy.nl

Ferwizingen

Europeesk Hânfest foar Regionale of Minderheidstalen (ECRML)

www.coe.int/minlang

Ramtferdrach fan 'e Rie fan Europa foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden (FCNM)

www.coe.int/minorities

Periodike rapportaazjes Nederlân en oanbefellingen Rie fan Europa

<http://www.coe.int/t/dg4/education/minlang/Report/#Netherlands>

Europeesk Buro foar Lytse Talen

www.eblt.nl

Mercator Kennisintrum foar meartaligens fan 'e Fryske Akademy

www.mercator-research.eu